

# Wurkgelegenheidsenkête 2024

## Oan bedriuwen en ynstellingen yn Fryslân

Bygeand ûntfange jo de jierlikse Provinsjale Wurkgelegenheidsenkête. De enkête wurdt nei in grut part fan de Fryske bedriuwen en ynstellingen ferstjoerd. Sa sammelje wy ynformaasje dy't ûnmisber is foar it ekonomysk belied fan provinsje, regio's en gemeenten. Ynsjoch yn 'e ûntwikkelingen fan bedriuwen en banen is nedich om in byld fan de ekonomyske situaasje foarmje te kinnen.


Utkomst út it ûndersyk fan ferline jier lit sjen dat op 1 april 2023 de wurkgelegenheid yn Fryslân 2,1% heger lei as op 1 april 2022. De provinsje telde net earder safolle wurkgelegenheid. Yn de measte sektoaren groeide de wurkgelegenheid. De grutste absolute groei wie yn de saaklike tsjinstferliening, dêr groeide it tal banen mei 1.680 (+4,3%). De sektoaren soarch & wolwêzen en hannel folgen mei in groei fan respektivelik 1.310 (+2,2%) en 965 (+1,8%) banen.

Om de ûntwikkeling fan de wurkgelegenheid yn Fryslân folge te kinnen freegje wy jo freonlik om ek fan 't jier ús wurkgelegenheidsenkête yn te foljen. It ynfoljen fan de

fragelist freget mar inkele minuten; wy stelle jo mar in pear koarte fragen oer it tal meiwurkers yn jo bedriuw. Binne jo ZZP-er, freelancer, oefene jo in frij berop út, ek dan freegje wy jo dizze enkête yn te foljen.

Sifers oer de Fryske wurkgelegenheid fine jo yn ús digitale databank. Te finen op [www.fryslan.frl](http://www.fryslan.frl) ûnder de knop Staat van Fryslân.

Mei freonlike groetnis,



Drs. A.A.M. Brok,  
kommissaris fan de Kening yn 'e provinsje Fryslân

# Wurkgelegenheidsûntwikkeling Provinsje Fryslân 2022-2023

Totaal tal banen, op 1 april

	2022	2023	Groei 2022-2023 abs.	Groei 2022-2023 Fryslân in %
Lânbou en fiskerij	15.005	14.790	-215	-1,4
Yndustry en grûnstoffewinning	38.815	38.855	40	0,1
Nutsbedriuwen	2.160	2.270	110	5,1
Bou	21.200	21.510	310	1,5
Hannel en reparaasje	52.375	53.340	965	1,8
Ferfier en opslach	12.410	12.670	260	2,1
Hoareka	15.910	16.380	470	3,0
Ynformaasje en kommunikaasje	5.660	5.875	215	3,8
Finansjele ynstellingen	6.925	6.860	-65	-0,9
Saaklike tsjinstferliening	39.015	40.695	1.680	4,3
Iepenbier bestjoer en oerheid	14.760	15.195	435	2,9
Underwiis	22.105	22.580	475	2,1
Sûnens- en wolwêzenssoarch	60.770	62.080	1.310	2,2
Kultuer, sport en rekreaasje	6.975	7.450	475	6,8
Oare tsjinstferliening	7.225	7.415	190	2,6
<b>Totaal</b>	<b>321.305</b>	<b>327.960</b>	<b>6.655</b>	<b>2,1</b>

## Wurkgelegenheidsregister Fryslân

It wurkgelegenheidsregister (WGR) Fryslân registrearret sûnt 1978 de wurkgelegenheid by bedriuwen en ynstellingen yn Fryslân troch de wei fan in enkête dy't alle jierren wer hâlden wurdt.

## Doel fan it WGR

Doel fan it wurkgelegenheidsregister Fryslân is om aktuele, betroubere en detaillearre basisynformaasje oer de wurkgelegenheid fan alle bedriuwen en ynstellingen yn de provinsje Fryslân te krijen.

## Foar wa is it WGR bedoeld?

De gegevens binne bedoeld as basis foar it sosjaal-ekonomysk en romtlik belied fan provinsje en gemeenten yn Fryslân. Dêrneist wurde de gegevens brûkt om it arbeidsmerk- en ynvestearringsbelied te stypjen. Ek wurde de wurkgelegenheidssifers brûkt foar ûndersyk en yn publikaasjes op sosjaal-ekonomysk terrein.

## Registrearre ynformaasje en faak stelde fragen

Yn it Wurkgelegenheidsregister wurde opslein: namme organisaasje, fêstigingsadres, bedriuwsumskriuwing en tal wurknimmers. Dêrmei kin antwurd jûn wurde op faak stelde fragen lykas:

- Wat is de wurkgelegenheidsûntwikkeling yn de ûnderskate sektoaren oer de ôfrûne jierren?
- Hoe stiet it mei it tal banen op bedriuweterreinen en kantoarlokaasjes?
- Hoe hat de R&T sektor him nei gemeente sûnt 2000 ûntwikkele?
- Yn hokker gemeenten binne de soarch- en wolwêzensynstellingen sterk fertsjintwurdige?
- Hoe is de wurkgelegenheidsûntwikkeling yn de ûnderskate gemeenten of de streekregio's?

## Wurde de gegevens allinne yn de provinsje Fryslân sammele?

Yn Nederlân binne mei-inoar 21 provinsjale en op de regio rjochte registers aktyf. Sy binne ferienige yn de stichting LISA. LISA bondelet de útkomsten ta lanlike sifers. Ynformaasje is te finen op [www.lisa.nl](http://www.lisa.nl) of te krijen fia de LISA Projectorganisatie, postbus 597, 7500 AN, Enschede, telefoan 053 – 4825080, e-mail [info@lisa.nl](mailto:info@lisa.nl).